

JIERFERSLACHGEGEVENS OER IT KALINDERJIER 2019 FAN IT

TAALKUNDICH WURKFERBÂN

DOELSTELLING:

BESTJOER

Foarsitter	Dr Willem Visser
Skriuwer	Dr Eric Hoekstra
Leden	52
Binne der yn 2019 bestjoersleden ôftreden?	Ja
Sa ja, wa en yn hokker funksje?	Dyk gjin foarsitter mear, no Visser.
Binne der yn 2019 nije bestjoers-leden beneamd?	Nee
Sa ja, wa en yn hokker funksje?	
Wienen der op 31 desimber 2019 fakatueres yn it bestjoer? Sa ja, hokker?	Nee

LEDEN Wurkferbân / Wurkgroep

Tal leden op 1 jannewaris 2019	52
Tal leden op 31 desimber 2019	52
Talittingsbetinksten	

AKTIVITEITEN

Lêzingen / gearkomsten		
Datum	1.	*)
Sprekker		
Titel fan de lêzing		
Opkomst (tal leden en oare gasten)		
Gearfetting (maksimaal 15 regels)		
Sympoasia		
Datum en lokaasje	1.	25-10-2019
Titel		Dei fan de Fryske Taalkunde 2019
Doelstelling		Kongres Fryske Taalkunde
Sprekkers en titel bydrage		10:30 3 puzzles in Frisian agreement Astrid van Alem (Leiden University) 11:00 Ontfriezing van de Ommelanden Redmer Alma (Drents Archief) 12:00 It Lexicon Frisicum (1872) oerset Anne Dykstra (em. FA) & Bouke Slofstra (Grins) 12:30 Old Frisian breaking revisited: context and chronology Frederik Hartmann (University of Konstanz) 14:00 Exploring New Frontiers: Text Mining an enriched digitized corpus of Old Frisian texts Rita van de Poel (Leiden University)

	<p>14:30 Jorwert breaking in the Competitive Tier Model Gertjan Postma (Meertens Institute Amsterdam)</p> <p>15:30 Keatsen: a linguistic oasis Francesco Ventura (Greek Calabria)</p> <p>16:00 Us læwe prins en harre. Ta de assosjatyf yn it Frysk Jarich Hoekstra (Univ. Kiel)</p>
Opkomst (tal leden en oare gasten)	30
Gearfetting (maksimaal ½ A4)	<p>Francesco Ventura kaam yn it spier foar it Greko, in mingtaal fan Italiaansk en Gryksk sprutsen yn Kalabrië, in streek yn it ûnderste part fan ‘e Italiaanske ‘lears’. Yn it teeskofte waard de beminlike Kalabriaan ynterviewd troch Maria del Grosso fan ‘e Ljouwerter Krante. Fierders wie der in lêzing oer de -ST útgong op it bynwurd, as yn “OmdatST derby wieST”. Frou Astrid van Alem wie net om ‘e nocht nei Fryslân ôfreizge want se krige in protte tips en kommentaren op har lêzing. Redmer Alma joech de stân fan saken wer op it mêd fan ‘e ûntfriezing fan Grinslân yn ‘e lette Midsiuwen. Hy wiisde der ek op dat de foarnammen fan ynwenners fan ‘e stêd Grins folslein oars wiene as dy fan ‘e Ommelannen: in nuveraardich feit dat suggerearret dat de stêd Grins in Fremdkörper yn in Frysktalige omjouwing wie. It soe ek kinne dat Friezen yn ‘e stêd Grins har Fryske nammen net doarden te brûken omdat de tsjinstelling tusken Grins en Ommelannen it aard fan in oarloch hie of omdat Friezen sosjaal sjoen diskriminearre waarden. Tink ek ris oan in skriuwer as Nicolaas Matsier, yn ús fredige situaasje, dy’t yn wurklikheid Tjit Reinsma hjit mar mei dy namme as skriuwer gjin karriêre tocht meitsje te kinnen. Anne Dykstra en Bouke Slofstra fertelden oer de oersetting dy’t se makke ha fan it Frysk wurdboek fan Joast Halbertsma, dat oarspronklik yn it Latyn skreaun is. Frederik Hartman (Konstanz, Dútsklân) gie yn op ‘e teory fan brekking, dat him oppenearret troch de hiele skiednis fan it Frysk hinne. Mei’t de lêzing fan Postma oer brekking útfoel, koe Rita van de Poel in oere prate oer har fraaie Taaldatabank Âldfrysk, dy’t se mei help fan Rolf Bremmer en Eduard Drenth (FA) makke hie. De lêste lêzing wie fan ús professor Frysk te Kiel, Jarich Hoekstra, dy’t de assosjatyf útslachte, in konstruksje werom te finen yn foarbylden lykas ús beppe-en-dy of Joyce & Co, en dy’t troch middel fan ien persoan de groep oantsjut dy’t by dy persoan heart.</p>
Oare aktiviteiten (bygelyks útfieringen musikologysk wurkferbân)	
	1.
	2.

Mal foar it oanleverjen fan jierferslachgegevens oangeande wurkferbannen fan de Fryske Akademy

FINÂNSJES

Totaal útjeften yn 2018	€	
<u>Spesifikaasje útjeften:</u>		
- Bestjoerssaken	€	
- Gearkomsten	€	
- Lêzingen	€	
- Sympoasia	€	
- Publikaasjes	€	
- Ekskurzjes	€	
- Oare saken	€	

BYSÛNDERHEDEN/OPMERKINGS/WINSKEN
